



### FAN IT BESTJOER

It bestjoer hat op 11 maaie 2009 byinoar west by Yede vd.Veen oan hûs om de nije wurklist wer gear te stallen. Dizze krije Jo hjirby en wy hoopje dat der foar elk wer wat by is. Der binne in oantal saken besprutsen en de jûnen binne nochris trochnommen. It wichtigste nijs is wol dat it plak, dêr't ús jûnen binne, feroaret. Wy koene net langer terjochte op de boppeseal fan De Raadsman.

De eigner hat (fer)bouplannen, dat wy wike út nei Hotel Oostergoo. Foardiel foar in protte minsken is dat dêrtroch ek it trepinnen ferfalt en boppedat is de seal ek wat grutter. Komt ek wol moai út troch it almar tanimmen fan ús stipers en besikers.

Twads noch in fraach fan de ponghâlder: Dyjinge dy't yn it begjin fan it jier it stipersjild sels noch oerskriuwe, of dy dat net mear dwaan wolle. De ponghâlder wol nammentlik alles graach sels fia automatyske ynkasso dwaan.

De gearstalling fan it bestjoer is net feroare. Dat wol sizze: Yede vd. Veen is foarsitter, Gé van der Goot-Bangma skriuwer, Jan Sjoerdsma ponghâlder en Anna Hemstra-de Jong, Bauke Lageveen en Frans Bakker meitsje it bestjoer folslein.

### WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2009 – 2010

It plak: De grutte seal fan Hotel Oostergoo, alle jûnen begjinne om healwei achten.  
Ynformaasje : Pr. Beatrixwei 8, 9001 JM Grou, tillefoan 0566-621992

Tongersdei 5 novimber 2009:

Jûn sil **Sybre van der Vlucht** mei plaatsjes en praatsjes te winkeljen yn 't âlde Grou.

Tongersdei 10 desimber 2009:

Yn it boek "*Sitebuorren myn eigen paradys*" beskriuwt **Auck Peanstra** oantinkens oan har jeugd yn de jierren sechtich. Se groeide op op in pleats op it eilân Sitebuorren ûnder Grou. Se fertelt oer har boek, lêst der út foar en yllustrearret har ferhalen mei foto's. Ferhalen oer hoe't se dêr libben, boarten en wurken.

Tongersdei 21 jannewaris 2010:

Dizze kear twa ynlieders. Koartlyn kaam der in boekje út, gearstald troch in wurkgroep fanút Pleatslik Belang. It boekje giet oer 21 bepalende punten / panden yn Grou. Pleatslik Belang hopet dat troch dit boekje en de gevelbuorden, dy't op de huzen oanbrocht binne, de ynteresse foar de Grouster skiednis tanimme sil. **Hepke Hiemstra** sil it foar it skoft hawwe oer wat foar nijsgjirrige saken en bysûnderheden dêrby oan it ljocht kommen binne.

Nei it skoft nimt **Jelte de Vries** (fan Alle-Joukje) ús mei foar in kuier "efter de tsjerke" en sil ferhale oer minsken dy't dêr wenne hawwe en foarfallen dy't hy dêr yn syn jonge jierren meimakke hat.

Tongersdei 4 maart 2010:

Dizze jûn noch in 'boekbesprekking'. Fan **Ulke Brolsma** is fan 't maaitiid syn boekje "Werom nei Grou" utkommen. Hy skreau in oantal jierren ferlyn stikjes foar de Mid Frieslander oer syn jeugd. Hy sil ús fan 'e jûn priuwkes hjirfan hearre en sjen litte.

## FERSLACH OER IT WINTERSKOFT 2008 – 2009

Op 19 septembar 2008 is yn syn wenplak It Hearrenfean ferstoarn Sierd Eizenga yn âldens fan krekt 67 jier.

6 novimber.

Yede van der Veen iepenet de earste jûn fan dit winterskoft mei elkenien wolkom te hjitten en hopet dat it wer moaie jûnen wurde. Sybren van der Vlugt sil de spits ôfbite. Dizze earste jûn fertelt er oer kleurrike minsken en sa't dit faak gong yn de folksmûle, oer skelnammen en skaainammen. Sybren begjint yn syn jierrenlang wenplak Wergea en fynt al gau oanknopingspunten en oerienkomsten mei Grou. Dit ek al troch famyljebannen. Hjirynt komme faak deselde bynammen foar. Soks beheint him net ta de streek, mar giet, sa docht bliken foar guon nammen foar hiel Fryslân op.

Nei in útstapke troch Fryslân komt Sybren wer yn de Grouster kontreien telâne. Men kin dêrby sljochtwei in yndieling meitsje yn bynammen nei aard fan famylje sa as lichaaamlik gebrek, berop en brike setten yn it ferline begien.

In protte Grousters komme oan bar en dêrby wurdt stilstien by it hoe en wêrom fan harren bynammen. Fan guon hat men de efternamme nea witten.

Al mei al wer in noflikke jûn, dêr't in heap Grouster gesichten oan elkenien foarby gongen. Yede betanket Sybren en de tahearders wiene it der ek tige mei iens.

11 desimber.

Yede van der Veen iepenet de jûn mei elkenien wolkom te hjitten, mei yn it foarste plak de famylje Bylsma. De baan is iepen, want Bylsma sil in lêzing jaan oer en foar reedriders. Foardat Bylsma it wurd krijt wurdt earst noch frege wa't noch wat wit oer it skouke yn de Bewaarskoalle fan eartiids. It skouke is der noch en is yn reperaasje by Roelof Wester. Graach ferhalen en/of oare ynformaasje by Roelof of de Stifting.

Bylsma hat, sa't er sels seit, lêst fan in firus. It is al taslein doe't er skoaljonge wie en dit firus is net te bestriden. Hy sammelet boeken, skriuwt, fotografearret en presentearret.

Mei prachtige bylden fan himsels en it ferhaal derby lit er de seal meigean nei it begjin fan de redens op bonken. De earste redens mei izers binne yn Dordrecht fûn yn 1225. Yn Fryslân kamen redens û.o. út Drylst, Wergea en Grou. (Geben en Bouma )

Fan Eeltsje Halbertsma hie Bylsma in gedicht oer Ybel en Jelke of de "Boask op it iis". Ien siswize oer de fryske reedridder liet er ús hearre, nl. 'Ien Fries is in reedridder, twa Friezen is in hurdriderij'. Ek folksferhalen kamen op 't aljemint. Sa binne der noch ferskate strjitten dy't nammen hawwe fan hurdriders, bygl. Hurdrider Knilles-Ynsesstrjitte.

De earste riderij is yn 1829 útskreaun troch T.G. Visser, kastlein yn 's Lands Welvaren. Yn 1848 waard de slide útfûn mei nûmers. Yn Grou is de iisklup yn 1862 oprjochte en mei bylden fan it 75-jierrich bestean seagen we noch âld-Grousters. Yn't skoft waard troch in stiper noch frege oft Jetze syn ferhaal in oare kear noch ôfmeitsje koe. Hy is stykjen bleaun yn 1963. Nei it skoft moaie bylden en ferhalen oer spekriderijen, Grousters yn de baan, sa as de Kingma's, Martha Hemminga, Janna van der Meulen, Sjoukje Bouma, dy't yn 1933 Nederlânsk kampioene waard, Pyt Eizenga yn de tritiger jierren en Anske Adema, de jildrider. Fierder hie Bylsma it oer Jan Tasma as starter, iisbrekkers en dat it folk dan faak yn opstân kaam, de Friese Schaatsbond, yn 1938 de sterrit nei Akkrum, de Friesche Ijsbond, de oprjochting fan de IJswegen Centrale yn Grou (1941 ), de Iselmar ticht yn 1963 en doe de toertocht op 3 febrewaris 1963 fan Starum nei Enkhuzen h.w.

Yn febrewaris 1954 yn Hearrenfean lange baan wedstriden mei 3 Noren en 10.000 minsken. Men is doe massaal oergongen op noren.

Yn 1954 waard Atsje Deelstra Fries-meisjes kampioene, yn 1961 waard Jacobus de Vries juniorenkampioen en Dicks Jellema yn 1964 kampioen. Yn 1966-1967 wurdt de keunstiisbaan yn Hearrenfean iepene.

De oprjochting fan de “Pinguins” wie yn 1979. Fansels ûntbrutsen Haitske Pijlman, Jan-Jan Brouwer en de 11-stêden yn it ferhaal en de bylden ek net. Al mei al in hiele nijsgjirrige jûn. Yede betanket de hear Bylsma hertlik en dêr wiene de oanwêzigen it hielendal mei iens, troch in grut applaus.

Op 15 desimber is yn Ljouwert in ein oan it libben kommen is fan Fokje Rouwé-Bosch yn âldens fan 92 jier.

22 jannewaris 2009.

Nettsjinsteande it minne waar, kin Yede in seal fol minsken wolkom hjitte. As meidieling lit er witte dat der fotoboekjes te keap binne oer Grou, makke troch Bauke en Reinder en wa soe wat dwaan wolle foar de Stifting?? Graach trochjaan, want it kin wolris stoarm rinne!!!!

Sytse Heidsma sil it jûn hawwe oer de oprjochting fan it bûterfabryk yn Grou.

Hy leit earst út hoe't er der ta kommen is. Sytse syn heit wurke op it fabryk. De hear Wiebe Leenstra, de eardere direkteur, hat er frege en by Tresoar hat er in oantal dagen west, want dêr wiene notulen oanwêzich fan it fabryk. It wie in goudmyntsje út de earste hân, mar in bealch fol wurk.

Sytse begjint mei in boekje dêr't alle bûterfabriken yn Nederlân yn steane en wat der noch fan oer is. Der is al hiel, hiel lang bûter en tsiis makke. It wie in boere oangelegenheid. It wie hânwurk en wie it wurk foar de frou. Letter kaam de sintrifúzje der by. Yn 1876 hat Lavall de earste sintrifúzje ûntwikkele en der moast 395 gûne op it kleed komme. Boeren koene dit net betelje. Yn 1879 waard start mei de yndustrialisaasje fan de ferwurking. Men stifte as partikulier in fabryk. Yn Fryslân wiene boeren dy't ûntefreden wiene, benammen dy yn Wergea en woene wat oars. 6 Boeren en 2 dûmny's en de tsjerkeried rjochten de Coöperatieve Suvelfabryk op. Sa ek yn Waddingsveen. Sy doarsten it oan en dit wie in sinjaal foar de rest. Yn 1897 ûntstie de “Bond van Coöperatieve Zuivelfabrieken”. Yn 1896 hiene boeren by K. Budstra yn Grou in gearsit en beneamden doe in kommisje fan 3 boeren. De earste gearsit wie mei 80 boeren en as foarsitter fungearre P.G. Halbertsma. Der kaam in nij bestjoer mei de nammen B.J. Nieveen, G.W. van der Meer en A.Th. de Groot. Foar in nij te bouwen fabryk wiene 21 ynskriuwers en foar 25.925 gûne krige ien út Twizel de geunst.

Yn it begjin wiene der roeiskouwen om de molke by de boeren op te heljen. De earste direkteur krige in jierwedde fan 1.600 gûne. Op 1 oktober waard Tsjisse Kuperus mei 152 stimmen de earste direkteur. Personiel moast der ek komme, dus waard de Frisia ynskeakele. Op 19 oktober kaam it fabryk yn wurking. Sa stadichoan kamen der mear boeren by en ek mear personiel. Yn't earste jier hawwe se gebrûk makke fan de stoommasines en geane se fan 34 leden nei 63 en 1384 kij, mei sa'n 11.300 mingel molke yn de wike. It earste jier wurdt ôfsluten mei 52.000 gûne.

Sytse wurdt troch Yede betanke foar syn útlis en al it wurk dat hjir oan fêst siet.

Nochris in oprop fan it Stiftingsbestjoer om minsken ree te finen foar ús jûnen. Foar elkenien in wol thús.

Op Sint Piterdei ûntfoel ús yn âldens fan hast 94 jier âld-stiper Anne Bouma-de Jong.

5 maart.

In grôtfolle seal op ús lêste jûn. Ype Sytema (dizze wike krekt 65 jier wurden ) en Reinder Bouma hawwe in greep út de skiednis fan Grou troch de jierren hinne mei in plaatsje, praatsje en in filmke. Ype begjint mei muzyk fan ‘Rôlje, rôlje’ en wat bylden.

Yn 1543 hiene pleatsen allegearre in namme. Boeren hawwe tige wichtich west foar de Grouster wurkgelegenheid. We krije hiel wat te sjen en te hearren. In net komplette opsomming folget hjir. De Waach, boud yn 1881 en yn 1952 ôfbrutsen. Skipsbou, It Gild, kofskippen binne hjir in soad boud, in kofskipgevel yn de Wide Steech, klokmakkers, yn de 18<sup>de</sup> ieu njonken De Jouwer. Mûnen; de âldste is de roggemûne op it Grien, de Eendracht, de Jonge Valk, de oaljemûne (ôfbrutsen yn 1920). De firma Halbertsma yn bedriuw fan 1891 oant 1983, de piip ôfbrutsen yn 1982.

It Izerfabryk fan 1917-1984, it Graanbedriuw, mei û.o. Oostwoud, de púndyk fan Grou nei Jirnsum yn 1759 en it Boargelik Wetboek yn 1811. Bylden fan it bûterfabryk, byld fan dokter Eeltsje, it Gritenijhûs oan de Komerck, it nije begraafplak yn 1860 oan it Nij Djip en de stjerre fan 72 minsken yn Grou doe’t yn 1849 hjir de “cholera” hearske. Yn 1863 kaam master Wielsma yn Grou. Yn 1866 oanlis fan de boatsteiger, yn 1867 wurdt de Lytse Buorren befluorre en de Tillehaven dimpt. Yn 1868 de spoorbaan Hearrenfean-Grou, 1880 wurdt de Hôfsgrêft droech makke. Yn 1888 wurdt de Wetterlieding yn gebrûk nommen en yn 1889 wurdt de Waachshaven dimpt. Yn 1891 wurdt op eigen manneboet troch 3 Grousters in alve-stêdetocht riden, yn 1892 in fanfare korps, yn 1901 in harmoniekorps en yn 1964 brassband “Apollo”. We hearre fan en sjogge gevelstiennen, Easterfjild wenningbou (1905), oprjochting SSS (1906) , aaisikersklup de Ljip, 1<sup>ste</sup> automobyl yn Grou (1906), Elektrysk bedriuw (1911), VVV (1913), Nutsspaarbank (1914), Noorderdwarsstrjitte (1920), fuotbrêge oer de Boerewâl (1921), ULO (1922) en de muzyktinte op It Grien (1923). Palstra krijt yn 1929 in garaazjepand, de Kommisje Skûtsjesilen Grou wurdt berne, de wipbrêge wurdt betonnen brêge en yn 1942 wurdt der in nij gemeentehûs yn gebrûk nommen, kosten 82.265 gûne. De boargemasters komme ek oan bar. Renken, Walda, Frijling, Holtrop en Dykstra. Yn 1984 krijt de gemeente de namme Boarnsterhim. De ôfbraak fan de Suderkade en Jordaan wie yn 1960 en de rest fan de Grûndaam waard dimpt yn 1962. Yn 1960 wurdt de Bewaarskoalle sluten en alle beammen oan de Stasjonswei wurde kapt. Hindrik van der Mei (Swalker), Jan Wester (aaiboer) Wytse Postma, Douwe Atema en Atze van Stralen hawwe in soad foar Grou dien en oer Grou skreaun. In earbetoan oan dizze minsken. Yede betanket de beide mannen en ek de stipers dy’t alle jûnen fan de Stifting wer de tiid nimme om te kommen. Weromsjoen hawwe wy in tige moai winterskôft hân. Elkenien wurdt in wol thús ta winske, in moaie simmer en oant sjen.

Yn it tiidskôft fan de trije maaitiids- en trije simmermoannen dat it wurk fan de Stifting stil leit, is it ienigste nijs yn dy perioade faak net it moaiste en giet it meast oer minsken dy’t ús yn dy tiid ûntfallen binne. Sa ek de lêste berjochten yn dit ferslach.

Op de dei dat de maaitiid yn ús lân begjint is Arjen Bruinsma ferstoarn, yn de leeftiid fan 94 jier.

Sjoerd Kooiker hat op 12 juny, yn âldens fan 85 jier, yn folle frede de holle dêllein.

Rêstich is hinnegien op 22 augustus, 84 jier âld, Janke Pietersma-Woudstra.

En op 26 augustus is te Ljouwert ferstoarn Vogeltje van Beets-Vrijburg, hast 85 jier.